

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Attje Meekma, CDA Hetty Janssen, PvdA Wopke Veenstra, FNP Marten Dijkstra, VVD
--

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	20 jannewaris 2021
Wurklistpunt	Moasje Frjemd
Koarte titel fan de moasje	De skries op 1
De Steaten, yn gearkomste byien op 20 jannewaris 2020	
heard hawwende de rieplachting;	
konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">- Dat 2020 in min jier wie foar de Skries¹ en ek oare greidefûgels;- De populaasje al jierren oan it ôfnimmen is en stadichoan yn hiel swier waar komt;- Nederlân sels ferantwurdlik is foar it yn stân hâlden fan Reade List soarten, mei namme de skries;- Fryslân in hiel belangrike rol spilet by it ien stân hâlden fan de greidefûgels;- De Provinsje likernôch 12 miljoen/ jier útgjout oan greidefûgelbehear, wylst de risseltaten allinnich mar achterút gear.	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">- It greidefûgelbelied yn 2020 ôfrint is en der noch net nij belied oan PS foarlein is;- It nije briedseizoen hast begjint; It "Aanvalsplan Grutto" oanjout dat der net langer wachte wurde kin mei mear ynset foar de greidefûgels;	
<ul style="list-style-type: none">- Neist mear jild foar gruttere gebieten mei behear mei in optimaal biotoop, der ek mear predaasjebestriiding nedich is.	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten / sprekke as harren miening út	
- om lanlik oan te trûnen op struktureel ekstra middels foar greidefûgelbehear, lykas	

¹ [Grutto beleeft een ongekend slecht jaar \(frieschdagblad.nl\)](http://frieschdagblad.nl)

MOASJE

oanjûn wurdt yn it 'Aanvalsplan Grutto'² en de ynisjatyfnotsje "Weidse blik op weidevogels"³ (sjoch ek de oannommen moasje "acties gewenst voor weidevogels" fan de PvdA dd 16-09-2020)⁴;

- om de agraryske kollektiven yn te skeakeljen om alfêst te ynfentarisearjen wêr't útwreiding fan de greidefûgelgebieten mei optimaal biotoop foar de fûgels en piken yn boerelân mooglik is;
- om nij Provinsjaal natuerbehear safolle mooglik fuort te setten as greidefûgelbehear, op dy plakken dêr't de biotoop der geskikt foar is of geskikt foar te meitsjen is;
- om by de TBO's oan te trûnen om yn de besteande gebieten mear te fokusjen op greidefûgelbehear op dy plakken, dêr't it biotoop geskikt is of geskikt te meitsjen is;
- om mear yn te setten op predaasjebehear (sjoch ek de oannommen moasje "faasje yn it proses fan it CDA⁵): by de minister en de lanlike polityk oan te jaan dat wetlike kaders oangeande soartenbehear goed greidefûgelbehear opkeare.

en gean oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	CDA, Attje Meekma PvdA, Hetty Janssen FNP, Wopke Veenstra VVD, Marten Dijkstra

² [aanvalsplan-Grutto.pdf \(natuurenmiliefederaties.nl\)](#)

³ [Initiatiefnota van het lid Von Martels "Weidse blik op de weidevogels" | Tweede Kamer der Staten-Generaal](#)

MOASJE

⁴ [Acties gewenst voor weidevogels \(notubiz.nl\)](#)

⁵ [11 Moasje 01 - Faasje yn it proses \(notubiz.nl\)](#)